

De heit

Kolofon

ISBN: 978 94 6365 454 8

1e printing 2022

© 2022, Jan Schokker

Utgjowerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

Til: 058 – 289 48 57

www.elikser.nl

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Skilderstik omslach: Jan Schokker

Utjefte fan dit boek waard mei mooglik makke troch de provinsje Fryslân

provinsje fryslân
provincie fryslân 

Niets uit deze uitgave mag worden veeveelvoudigd, opgeslagen in een geautomatiseerd gegevensbestand en/of openbaar gemaakt door middel van druk, fotokopie, microfilm of op wat voor wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van de auteur en de uitgeverij.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

De heit

Jan Schokker



Mei in protte tank oan myn broer Lomme.

Ien

Fiiif-en-tritich jier net sjoen: Beke Maart den Backer. Mysterieus, moai, eins knettergek en boppe-al ûnbetrouber.

Se is in kertier te let en ik ha der behoarlik it smoar oer yn. Sjocht der noch kreas út, dy Maart. De tiid hat wat skea oanbrocht, wat craquelé hjir en dêr, mar dan noch. Werken har sa. Koart swart hier, mei hjir en dêr in bewyske fan griis. Ik wit net fan rjochten oft dat slitaazje is of as aksint apart oanbrocht. In derby passend hip swart briltsje mei rûne glêzen hat steun fan in grappich wipnoaske. Dat is yn alle gefallen net mutearre troch de tiid. Har skerpe eagen ek net. As dy nei in flugge ynspeksje fan it kafee by my werom binne sjocht sy my strak en strang oan.

Wêrom hie ik my omprate litten? Ja, ik woe har graach sjen. Beke Maart, Maart seinen wy altyd, in freondinne fan myn ferstoarne eks-frou Els. Maart koe it net oer de telefoan útlizze en nee, se kaam ek net nei my ta, wy moasten inoar mar treffe yn De Kelder, it kafee fan Hennie Hulst op It Hearrenfean.

‘Bist hastich,’ freget se.
Wat is dat no wer foar in fraach?

Sûnt ik út it wurk bin doar ik tsjin gjinien te sizzen dat ik it drok ha, mar om no myn kostbere tiid hjir sa te fergriemen, soks wie ik hjoed bepaald net fan doel. Maart mei har, as frou fol mystearjes, dan miskien net opjeie litte, mar ik op myn beurt lit my blinders net troch har opnaaie.

Dat se dit kafee útsocht hat? It hinget fol mei allegearre fynsten fan rommelmerken. Potten, pannen, kruken en wekflessen. Kategory Stiefbeen & Zoon. Eartiids hold Maart inkeld fan wyt en swart en alles wat retestrak en modern wie. Yn klean rûn se der ek hieltyd út, it nijste fan it nijste yn de djoerste merken. Fansels joech dat fakentiids konflikten, foaral mei har man, Jan Jaap van Buren. In deeglike keardel. Dy wie folle behâldender, sis eins mar âlderwetsk. Hy klaaide him as in âlde baron en sa wie er ek yn syn treftich dwaan en statysk litten. Dy twa pasten ienfâldichwei net by inoar; se wiene ek noait by inoar.

‘Ik ha wol tiid,’ sis ik.

‘O ja? Is dat wol sa?’

Dit typyske antwurd ûntgiet my, want ik bin dwaande de finger op te stekken nei de ober. Eachkontakt is genôch om Hennie de barman yn beweging te krijen. Hy hellet rinnendewei syn opskriuwbokje út de bûse, set de pinne der op en freget: ‘Wat mei it wêze?’

Ik sjoch Maart oan.

‘In taksy graach,’ seit sy.

‘In bearenburchje foar my,’ sis ik. De bestelling fan Maart komt net by my binnen. De betûfte barman is skerper, sjocht earst nei my en dan nei Maart.

‘Miene jo dat werklik, jo binne hjir noch mar krekt.’

Se glimket eefkes, ergeret har miskien wol oan de bemuoienis fan de barman en werhellet har fersyk: ‘Taksy graach.’

Ik bin ferbjustere, mar hie fansels better witte kinnen. Maart hat altyd al in nuer fanke west, mei har aparte streken en eigensinnich gedoch. Op in dei wie se samar fuort, har man en beide bern wisten hielendal fan neat. In wike letter belle

se, út Austraalje wei. Dat se foarearst net wer thúskomme soe.

Ik sil stean gean en myn ûnmacht bleat lizze, mar ynienen leunt Maart nei my oer, leit har hân op mines.

‘Ik moat fuort, mar it spyt my al. Bist boppe ferwachting, dat ha ik altyd al fûn.’

Dan jout se my in tút op it rjochter wang, fisket har jaske fan de stoel, draait har om en rint it kafee út. Nee, it is gjin rinnen, it is in steatlik trêdzjen, as in aktrise, as in model op de catwalk. As wit se dat alle eagen magnetysk op har rjochte binne. Ek de barman, ûnderweis mei myn BB op it blêd, hat him heal omdraaid en sjocht har nei. Dan komt er nei my ta, goait in bierfltsje op de tafel en set it gleske bearenburch der op.

‘Singeliere frou,’ seit er. Hy laket. ‘Date mislearre. Moatst Tinder wer op, heite.’

‘Gjin date,’ sis ik misledige, fierders falt der neat út te lizzen.

Oare deis betiid bellet Hennie Hulst.

‘It duorre eefkes ear’t ik dy trasearre hie, mar ik miende al datsto earder by de resjerzje sietst. Dy skoandere date fan dy juster hat har taske achterlitten yn it kafee.’

‘Sil sy wol ophelje, tink,’ sis ik.

‘No ja, oars net, mar fanwegen in mooglik adres of telefoannûmer ha ik it taske ris eefkes ynsjoen,’ seit Hennie. ‘Aha!’

No freegje ik my dochs ôf wêrom’t hy safolle muoite dien hat om my te finen. Der sil grif wat wêze.

‘En siet der oars noch wat yn?’ freegje ik.

‘Ja. Dêrom krekt ha ik dy opsocht.’

De barman is in pear tellen stil, dan freget er: ‘Kinst hjir net eefkes hinne komme?’

‘Eh...’ Eins bin ik wol klear mei dy Maart. ‘Wolst it sa net eefkes oer de telefoan útlizze,’ freegje ik. ‘Siet der in pistoal yn?’

Ik laitsje der by, mar skrik eins ek in bytsje fan myn eigen tunneltinken. Ien kear plysje, altyd plysje.

‘Nee, gjin pistoal.’

‘Wat dan?’

‘In roukaart.’

‘Aha! Fan Maart?’

‘Nee, fan dy... Bist der noch?’

‘Wêr is dy kaart?’ wol ik witte.

Hennie rint nei de taap.

‘Earst mar in bearenburchje, tink?’

By de bar sjoch ik om my hinne. It is noch betiid, mar der sitte al guon kofjedrinkers. Achteryn sit in stel en by it sydrút sitte fjouwer grize mannen achter harren kopke kofje en in stik koeke.

‘Sjoch.’

Hennie skoot in bierfiltsje teplak en set der in slank glês bearenburch op. Fan in rim boppe de flessen mei sterke drank hellet hy in griis taske en leit it neist it bearenburchje. ‘Doch sels mar iepen, dan sjochst wat ik justerjûn seach,’ seit er.

Suver senuweftich nim ik it taske yn ’e hannen. It liket in âlderwetsk ding mei twa goudkleurige slotsjes, mar wat wit ik no fan moade? Miskien is it wol in hip ding. Nij is it net. It grize lear is hjir en dêr knapt, mar it kin ek mar sa wêze dat se krekt as mei dy ferwosken spikerbroeken fan tsjintwurdich it lear yn de fabryk bewurkje mei in moker. Mei klamme hannen klik ik it taske iepen. It hat fjouwer fakjes fan in okerkleurige stof. Yn it foarste fakje sit in kaart,

de kaart. Dat kin net oars. Mei in nuvere kramp om de mage tear ik de wite kaart iepen. Hennie giet achter my stean. No moat ik my konsintrearje, de letters binne wazich. Moarns ha ik soks wol faker, dan moat der in proteze foar de eagen. Dy ha ik no net by my.

Hennie wiist.

‘Sjoch, gjin dei fan stjerren. Apart net! Wat hat soks te betsjutten?’

De kaart hâld ik fierder by my wei en no kin ik it lêze. Boppe myn namme, yn in lyts skriuwletterke stiet:

Hy wie loai, te fet, fierstente maklik en sa sleau, mar wie ek boppe ferwachting.

Myn bertedatum kloppet. Dêr’t normaliter de datum fan ferstjerren stean moat stiet hjir inkeld in line mei puntsjes.

As neibesteande stiet ûnderoan de side allinne de namme fan Maart.

Beke Maart den Backer.

Ik lit de kaart sakje en sjoch Hennie oan.

‘Nuer net,’ seit de kafeeman, ‘silst der wol gau achteroan moatte, tink?’

‘Hoesa?’ freegje ik yrritearre.

‘No ja, de datum fan it te hôf bringen stiet der al op,’ seit er.

Ik sjoch noch wer ris nei de kaart en Hennie set syn finger by de ûnderste tekst. Dêr stiet:

De routsjinst is tiisdei 16 septimber om 14.00 oere yn it lytse tsjerkje fan Skuorreegea. Kondolearjen nei de tsjinst.

Ik wol it net, noait doch ik it, want it is it grutste minsklike tekoart, sa’n belies, mar ik flok. Hennie skrikt en begjint him fuort te ferûntskuldigjen.

‘Net myn skuld. Wat in mâle grap, net? Kinst har net belje?’

‘Haw ik fan ’e moarn al besocht, mar se hat de voicemail der op.’

Hy is der ôf. Hennie rint wat hinne en wer achter de bar, pakt dan syn I-pad en typt wat yn.

‘Wat dochst?’ wol ik witte.

‘Dy datum, dy moat ik dan mar frij hâlde no?’ seit er wat ferlegen.

Is dit swarte humor of in soarte fan klantebining? Hy hat fierders neat mei my. Miskien is hy in sosjaal man en wol sa sportyf om nei ús lytse mienskiplike skiednis op sa’n yntym barren as myn routsjinst te ferskinen.

Ik drink myn bearenburch del en meidat de lêste drip de linker nier yn strompelet, nim ik myn beslút. Ik doch neat. Hielendal neat. Ik sil wachtsje op wat Maart sûnder mis dwaan sil. Ik fûstkje mei Hennie, tankje him foar syn tasizzing en sis ta dat ik him op ’e hichte hâlde sil. Hy gnysket. ‘Us ôfspraak earst mar stean litte?’

Twa

‘Genietsje der fan,’ seit elkenien by it ôfskie.

‘Kinst altyd weromkomme,’ seit baas Heine Hanssen.

Dat wie fansels in moai ferpakt komplimint fan de baas en nei acht wike frije tiid woe ik stomme graach werom nei myn fertroud plysjeburo op It Hearrenfean. Ik ha in wike by dochter Jelly yn Itaalje west, wat faker as gewoanwei by myn soan Henk yn Wolvegea, thús wat útstelde putsjes dien, sels ha ik yn dy tiid besocht in pear ferjitten hobby’s fan lang lyn wer op te pakken. It idee om it hûs yn Bontebok te ferkeapjen fûn ik achterôf net sa’n goed plan. Wat in drokte soe my dat ferhúzjen wêze. Al it opromjen, myn bisten fuort en dan alles ynpakke. En alles wer útpakke. Kin altyd noch. Freondinne Nanke appt sa no en dan út it Limboarchse wei, mar om dêr no hinne? Uteinlik binne wy útinoar groeid, al priuw ik wol wat ûnwennigens by ús beiden en miskien wat fatalisme oan myn kant. Dat lit my net kâld, mar safolle waarmer wurd ik der ek net fan.

De muzyk fan de autoradio sakket fuort en de stim fan Melle komt fan alle kanten yn myn krekt oanskafte nije âlde Saab.

‘Do hiest belle, Ale?’

‘Ah, dy Melle.’

‘Hoe is it oars mei Ale Alema? Dat is lang lyn.’

‘Bist thús? Hast tiid? Dan kom ik no by dy del.’

‘Goed Ale, dan set ik fuortdaliks de âlde jenever op ’e tafel.’

‘Melle!’

‘Haha, ik ha ek wol kofje.’

‘Oant sa.’

As ik de reed nim nei Melle syn hûs, moai ferstoppe by de safolste wyk fan Jobbegea, sjoch ik him al stean. Melle is in âld-kollega en is der al wat langer út. Earjusterjûn ha ik noch oan him tocht. De lêste wiken, nei in advys fan soan Henk, ha ik sa'n Netflix-searje opsocht.

‘Spannende plysjesearjes, krekt wat foar dy,’ sei ek myn skoandochter. Mar dat wiuwde ik fuort. Wat moat ik mei sokke ûnwerklike ûnsin. Mar by de earste de bêste Sweedske searje siet ik al oant healwei trijen ta nachts foar it skerm. Omdat ik no útsliepe kin wie dat it slimste net, mar yn dat tiidsbestek ferdampde de âlde jenever ek razende fluch. Dy nachtlke searje gie oer korrupte plysjemannen. No ja, wat is korrupsje noch hjoed de dei? Ek as je it foar in kollega opnimme? Ek as loyalens ûnderinoar en mienskiplike ferantwurdlikens in heech yntern sosjaal doel is en ek as je jo eigen aksjes ferdomd goed ferantwurdzje kinne? Melle hie dat foar in kollega dien en it wie dat baas Heine Hanssen der foar lizzen gie, oars wie er in djip swart gat ynsûge of ferbrizele troch it rêdwurk fan it iepenbier ministearje.

It falt ta. Melle hat de brune kofjekanne op 'e tafel stean en wy prate in pypfol oer dat nuvere fenomeen dat pensjoen hjit. Myn ûnderfining blykt net unyk te wêzen, útsein dat Melle fan syn libben echt net mear werom wol nei it plysjeburo. Hy is begûn mei it skilderjen fan abstrakte figueren en wiist se my oan yn de keamer. It hinget fol mei doeken en panieltsjes.

‘Dit alles is fan dyn hân? Bjusterbaarlik, jong,’ sis ik en dat is it ek.

De streken binne fet oansetten mei swart en yn in soad felle kleuren. In tige opsichtige styl.

‘Der is belangstelling fan in galery yn Arnhem. Ik moat produksje draaie, oer twa moanne ha ik dêr in eksposysje.’ Ik rin mei nei syn atelier. Tusken de fytsen, in pear âlde brommers, fetten oalje, plaatmateriaal, túnark en brânhout stiet syn skildersezel.

‘Wa hie dat tinke kinnen? Melle den Backer as keunstskilder. Moai man!’

Melle gnysket: ‘It sit yn de genen, hèn.’

Dan belûkt syn gesicht: ‘En wierskynlik ek yn it bloed. Heit skildere mei dy âlde ferven dêr’t noch tin en lead yn siet en neffens ús stoarne mem hat er ek arsenikum brûkt. Se hie altyd noch in panieltsje of doek fan him dêr’t sa’n typyske griene kleur yn ferwurke siet. Dêr siet dus dat gif yn, oars krijst dy spesifike kleur en struktuer net.’

‘Jimme heit is dochs ek net sa âld wurden, wie er net achter yn de fyftich?’

‘Krekt oer de fyftich,’ seit Melle en wiist nei in doek boppe de doar. ‘In selsportret, fan doe’t er 50 wie.’

Ik sjoch der kenmerken fan Maart yn. Melle hat in folle bollere holle. Wat it uterlik oanbelanget hat Melle sels al in feroaring ûndergien. Rûn hy eartiids op it wurk altyd yn donker pak mei strik en it hier strak en glêd oer ’e kop, no hat er yn syn twadde jeugd as skilder in suterige skipperstrui oan, in iismûtse op ’e holle, is er rûch om it kin en hat er lang hier. De folmakke keunstner, it liket as spilet er syn rol. Hy giet achter de ezel stean, besjocht it taferiel, pakt in paletmes en strykt wat yn de tsjokke laach ferve om.

‘Dit is myn lok, Ale, oars hie ik my al fan kant brocht.’

‘Tjee, Melle.’

‘Dat allinnich wêzen, ferskriklik. Sjoch, myn Wies wie leaf en gesellich. Ast altyd spul hast, kin ik dy no wol sizze, dan is der mei syn beiden neat oan.’

Melle wit fansels hoe't it by ús wie, tusken Els en my. Alhoewol, wy fochten net, achternei besjoen hie dat miskien better west. Folle better. It ferlies fan Els, earst mei de skieding en doe nei har stjerren wie foar elkenien ferskriklik, foar my, foar de bern, mar ik ha alteast nea sa depressyf west dat ik mysels tekoart dwaan woe. Of sa nedich de keunstskilder úthingje moast.

Melle rint nei in steapel winterbannen, hellet der in âld deksel fan in wasktsjettel ôf, docht der in greep yn en fisket der in flesse drank út, rint dan nei syn wurkbank en hellet fan de boppeste rim twa romerkes. Hy blaast se mei de mûle skjien en jit se fol. Alde jenever, oan de flesse te sjen. Ik hie der al nei útsjoen.

'Ik wol it net oer de dea ha,' gnysket Melle en stekt it romerke omheech. 'Op it libben.'

'Ja, op it libben,' sis ik, 'mar treurich genôch moastst meikoarten al in dei frij hâlde foar myn begraffenis.'

Ik jou him de roukaart.

'In grap fan dyn suster.'

'Wat seist?'

Hy lêst de kaart en syn gesicht lûkt wyt wei.

'Wat is dit? Ik begryp der neat fan.'

'Ik ek net.'

Ik fertel dat se my belle hat, dat se yn it kafee ôfprate woe en hoe't it ferfolch wie. Melle flokt. 'Se doocht foar gjin meter, dat aparte fanke.' Hy skuort de telefoan út de bûse en sil belje.

'Ik ha har ek al belle, Melle, mar dyn suster nimt net op. Wêr wennet se?'

Melle goait de âlde jenever achteroer en rint wer nei syn wurkbank om in twadden-ien yn te jitten. Ik kin sa rap net, mar nei my sjocht er net om.

Melle sjocht nearne hinne.

‘Witst Ale, juster stie Maart samar ynienen hjir by my yn ’e hûs. Hoelang hat se fuort west? Tritich jier? Op syn minst. Se is der doe útnaaid, hat myn sweager en omkesizzers hartstikke stikke litten en dy huttemetut belle pas nei in wike hielendal út Austraalje wei dat se foarearst net wer thúskomme soe. Al dy jierren, neat hat se fan har hearre litten, gjin kaartsje en gjin telefoantsje. En wy fan ús kant hienen gjin adres of telefoannûmer fan har, wy hienen hielendal neat.’

Melle rint nei de hege ruten en stoareaget foar him út.

‘Ja, se frege noch nei dy.’

‘Mar wêrom wie se weromkaam?’ wol ik witte. ‘Hokker libben hat se dêr ûnder op ierde hân? Famylje? Bern ek?’

‘Ik wie eins yn shock,’ seit Melle. ‘Ik wie drok oan’t skilderjen en dêr stie ús Maart samar ynienen foar my. Se seach der goed út, dat wol, sa kleurich en fleurich as in bij.’ Melle set syn hân oan it kin.

‘Se die my oan ús mem tinken. Lyk in flinter. Mem hie ek wat fan in flinter. Mocht graach dûnsje, wie sa romantysk as de earste de bêste Disneyfilm. Dy stie bytiden wat neist de werklikheid. En dochs hèn, in karakter as sa ha jo net.’

‘Wêrom wie se hjir, hat se dat sein?’

‘Ja, wat hat se net sein? Allegear fan dy kryptyske sinnen.’ ‘Kryptysk?’

‘Ja, hoe sei se it ek al wer? Yn elts gefal: Ik begjin opnij, mar dan moat ik earst wat bedobje.’

‘Oh? My?’

‘En doe hie se it ek noch oer de bern. Har bern. Teminsten, dat tocht ik doe. Se sei: Ik moat se noch ûnder eagen komme en dan sjogge se hiel wat oars as de ingel dy’t ik bin.’

‘In ingel? Se sjogge har net as in ingel, dan moat se mei in ferrekt goed ferhaal komme.’

‘Tocht ik ek,’ seit Melle.

‘Ik ha har in protte frege,’ giet er in pear slokjes letter fierder, ‘mar se sei dat ik har net in ferhoar ôfnimme mocht. Se woe my inkeld en allinne eefkes sjen. Meikoarten soe se wolris weromkomme.’

‘In bekende tekst,’ sis ik, ‘dat seinen ús bern ek faak.’

Eefkes letter sykje ik de eks-man fan Maart op.

‘Dan binne jo Jan Jaap van Buren.’

‘En dit is dus Ale Alema.’

De man dy’t my yn de hal fan it steatlik gebou yn Beetstersweach temjitte komt hat dochs wol eefkes tiid foar my. Ik moast my foarby twa sekretaressen prate, want ik hie gjin ôfspraak mei de direkteur fan dit akkountantskantoar. Miskien slagge it meidat de twadde frou my werkende as resjersjeur. Ik lit it mar sa, je moatte altyd de trekken waarnimme, ha ik leard fan ús heit.

Dit is dus Jan Jaap, de eks fan Maart. It mei my net heuge dat ik him earder sjoen ha. Els en ik sille wol op harren trouwerij west hawwe, soks moat hast wol, mar dêr stiet my neat mear fan by. Hy hat in iepen en freonlik antlit en past wakker kreas yn it plaatsje fan in baron. Aldmoadrich, yn alle opsichten in man fan kwizekwânsje en hy liket folslein op syn plak yn dit tradisjonele steatlike gebou oan de haadstrjitte fan Beetstersweach. Mar dus nea by Maart. Maart is -of yn elts gefal wie- in frou fol fjoer en enerzjy, aksje en aventoer, fan altyd nije dingen besykje, ûndersykje en belibje. It komt my yn it sin, wylst ik mei Jan Jaap de âlde hurdstiennen trep op rin nei de earste etaazje, dat Maart it eartiids wolris oer Parys hie. Dêr woe se hinne. Dat wie har

plak. Se skildere dochs ek? By Austraalje koe ik my net folle foarstelle doe't ik hearde dat se dêr hinne wie, útsein datst út Fryslân wei besjoen net folle fierder flechtsje kinst. Mar Parys, dat moast it foar har wêze doetiids.

Jan Jaap en ik, wy rinne yn totaal twa treppen op nei syn keamer op de earste ferdjipping. In bûtengewoan gebou, bouwe litten troch in Lycklama à Nijeholt en bewenne troch de ferneamde Tinco Lycklama à Nijeholt.

It kantoargebou is tige grut fansels, hoe kin it gjin yndruk meitsje. Past fan top ta tean by baron Jan Jaap, in man fan rêst en stabilens. De ynrjochting is út in eardere iuw en liket noch troch dy âlde Tinco sels betocht te wêzen. Antike meubels, sels de kleuren binne ferheven, prachtich bestúkt plafond, ymposante skilderijen.

Ik rin ferbjustere by al dit fraais lâns. In súdlik lânskip en ik tel op syn minst trije portretten fan al dy Lycklamas à Nijeholt.

‘Allemachtich Jan Jaap, binne dizzen orizjineel?’

Jan Jaap pakt syn revers fêst en liket in heale meter grutter te wurden.

‘Tsjin in âld-resjersjeur fan de plysje kin ik dat wol sizze, fansels. Se binne fersekere foar sa’n oardel miljoen, wol ik leauwe.’

Ik sis ‘puh’, mar wol eins sizze ‘bah’, want wat spitich dat er dizze doeken as finansjele wearde besjocht en net op har histoaryske wearde. Wêrom sit je trouwens mei in akkountantskantoar yn sa’n 19de-iuwske omjouwing, freegje ik my ôf. Foar de pronk? Moat soks fertrouwen útstrielje? Kanten kinne wolris tinke dat Jan Jaap mei in gânzefear as potlead it kasboek noch byhâldt.

‘Wie it net sa, Jan Jaap, dat Maart ek skildere?’

De akkountant sjocht my eefkes oan en lûkt mei de mûle.

‘Ja, se woe ek keunstner wêze en dan better. Folle better. Se hat ek wol ris wat makke, mar ik fûn it neat. Se hie, tink ik, mear belangstelling foar de manlike kwast.’

Oe.

‘Eh, hast Maart noch sjoen, koartlyn?’

‘Nee, noch net. Ik wit dat se werom is, mar nee.’

‘Hast ek in idee wêrom’t se werom is?’

‘Nee! Eins lit my dat kâld. Teminsten, no ja, it set ús libben wer op ’e kop. Ik hie it ôfsletten, de wrede wûne tichtskroeid en no sil de lilken by my wol wer nei boppen wrotte.’

‘En de bern?’ wol ik witte, ‘hoe gean dy der mei om?’

‘Dy binne oars aardich nofteren, se hawwe it ek in donker plakje jûn. Myn dochter April freget noch wolris wat oer dy tiid, mar fierders swije wy de skiednis foarby.’

Jan Jaap rint nei in kast, hellet der in flesse bearenburch út en stekt him omheech, as fraach. Ik knik en freegje my ôf de hoefolste dit is hjoed. Ik begjin mar net te tellen, lis al de roukaart op de antike tafel.

‘Se hat my in roukaart brocht.’

‘Sorry?’

Ien romer streamt oer.

Ik fertel it ferhaal dizze dei wer in kear. Jan Jaap giet der by sitten en nipt oan de bearenburch. Myn romer bliuwt leech.

‘Se spoart net. Lang net! Dat kin wat wurde, as se ús allegearre opsiket. Ik sjoch der net nei út.’

‘Snap ik,’ sis ik, ‘mar do hast fansels ek gjin idee wat dit te betsjuten hat?’ Ik wiis op de kaart.

‘Nee, mar belje har,’ seit er fûl.

‘Se ferskynt en ferdwynt as it har útkomt. Der sit in plan achter, in strategy, tink ik. Kinst gjin reden betinke